

19 *Knappe kikkerts*

Ik bin kikkert Kange.
Ik moat michjes fange.

Hap!

de tomme fêstpakke

Hap!

de wiisfinger fêstpakke

Hap!

de middelfinger fêstpakke

Hap!

de ringfinger fêstpakke

Hap!

de pinke fêstpakke

Klear!

Ik mei net mear!

Ik bin kikkert Kinge.
Ik kin hiel heech springe.

by 'hup' de hân heech springe litte

Hup!

op 'e tomme springe

Hup!

op 'e wiisfinger springe

Hup!

op 'e middelfinger springe

Hup!

op 'e ringfinger springe

Hup!

op 'e pinke springe

Klear!

Ik spring net mear!

Ik bin kikkert Konge.
Ik kin hiel moai sjonge.

Kwaak!

de tomme oanwize

Kwaak!

de wiisfinger oanwize

Kwaak!

de middelfinger oanwize

Kwaak!

de ringfinger oanwize

Kwaak!

de pinke oanwize

Klear!

Ik sjong net mear!

Suggestje

De spultsjes kinne ek frij yn 'e romte spile wurde: Ien is kikkert Kange, de oaren binne de michjes. Kange besiket michjes te fangen. Ien is kikkert Kinge en leart de oare kikkerts springen. Ien is kikkert Konge en is dirigint fan it kikkertskoar. Hy leart de kikkerts sjongen.